

Beantwoording schriftelijke vragen artikel 47 Reglement van Orde

Kenmerk van de vraag : 21-06
Datum indienen vraag : 3 maart 2021
Naam vraagsteller : Mefr. M. Dotinga-van der Veen (FNP)
Portefeuillehouder : Mefr. P.M. Jonker
Ambtenaar : Mefr. S. van der Meer/mefr. E. Jager
Datum akkoord college : 1 april 2021
Zaaknummer : Z2021-01798

Underwerp

Soarchbedriuwen

Op 3 maart 2021 hat de FNP-fraksje skriftlike fragen steld oer soarchbedriuwen. Hjirûnder fine jo de fragen en de reaksje dêrop fan it kolleezje:

Ynliding

Yn de media fan de lêste wike fan febrewaris wie skokkend nijs te lêzen oer in ûndersyk fan Pointer en Follow the Money nei de jierrekkens fan soarchbedriuwen (dy't publisearre binne troch it ministearje fan VWS).

Út dat ûndersyk komt nei foaren dat soarchbestjoerders yn de geestlike, beheinden- en thúsoarch harren sels ryklik beleanne hawwe oer 2019. Lanlik giet it om 102 soarch bedriuwen en 25,1 miljoen euro dat mei ynstimming fan de ried fan kommissarissen útkeard is. By Fryske soarchbestjoerders giet it om in bedrach fan mear dan 8 ton by fjouwer bedriuwen.

Dit jild is neffens demissjonêr Minister de Jonge bedoeld foar de soarch. Winstútkearingen wurde net meirekkene by de **Wet Normering Topinkomens**, dêrtroch kin in soarchbestjoerder neist syn al riente ynkommen – mei goedfinen fan de ried fan kommissarissen- ek in winstútkearing krije. Sa is it foar de soarchbestjoerders mooglik om binnen in pear jier miljoen te wurden.

Yn Fryslân giet it om 'Bijzonder Zorgenkind' út Surhústerfean, Aardema Thuiszorg út Nijehoarne, Bos en Meerzicht Verzorgd Wonen út Aldemardum en Friesland Begeleid Wonen út it Hearrenfean.

De FNP fynt it ferskriklik dat jild, dat bedoeld is foar de soarch yn de bûsen fan bestjoerders ferdwynt. Wat de FNP ek net begrypt is dat der blykber 102 rieden fan kommissarissen binne dy't op dizze saken tafersjoch hâlde moatte en dizze útkearings blykber hiel normaal fine.

Fragen

1. Kloppet it dat bestjoerders fan 4 Fryske soarchbedriuwen harren sels ferykt ha mei jild dat bedoeld is foar de soarch?
2. Ha wy as Achtkarspelen/provinsjebreed yn Fryslân in kontrakt mei 'Bijzonder Zorgenkind' út Surhústerfean?
3. Ha wy as Achtkarspelen/provinsjebreed yn Fryslân kontrakten mei de oare 3 bedriuwen dy't neamd wurde?
4. Sa ja en as boppeneamd kloppet dat tefolle dividint oan bestjoerders útkeard is, is it kolleezje it dan mei ús iens dat hjir optreden wurde moat?
5. As der optreden wurdt, wurde dan ek de rieden fan tafersjoch meinaam?
6. Hoe sil it kolleezje dit dan oppakke?

Reaksje kolleezje

1. Ut de rapportaazje fan Pointer docht bliken dat der Fryske soarchbedriuwen binne dy't dividind útkeard hawwe. Net alle troch Pointer neamde bedriuwen binne kontraktearre troch Wmo lokaal of SDF. De troch SDF en/of troch Wmo lokaal kontraktearre soarchbedriuwen binne:

Bedriwsnamme:	Dividind:	Kontraktearre troch:
Xperanza Nederland b.v.	€ 5.000	SDF
Aardema Thuiszorg b.v.	€ 235.000	SDF en Wmo lokaal
Friesland Begeleid Wonen b.v.	€ 50.000	SDF

Yn de kontrakten dy't sletten wurde mei soarchoanbieders stiet opnommen dat sy har hâlde moatte oan de Wnt. Dat winstútkearings dêryn net meirekkene wurde, liket in omisje yn dizze wet. De kennis en ynformaasje ûnbrekt op dit stuit om fêststelle te kinnen of der sprake is fan ferriking fan de bestjoerders fan boppesteande organisaasjes. De kontraktmanagers fan SDF gean mei boppeneamde oanbieders yn oerlis om de reden fan de dividindútkearing te bepraten en te ûndersykjen yn hoefierre SDF / Wmo lokaal ynfloed útoefenje kin op dizze útkearings.

2. Nee, de gemeente Achtkarspelen en SDF hat gjin kontrakt mei Bijzonder Zorgenkind út Surhústerfean. Dit is in organisaasje dy't kwa soarchoanbod ûnder de Zorgverzekeringswet falt.
3. Wmo lokaal hat in kontrakt mei Aardema Thuiszorg. Dit is in lytse oanbieder yn Achtkarspelen en Tytsjerksteradiel. Aardema Thuiszorg hat in oandiel fan 0,61% op ús totale útjeften foar de Wmo. SDF hat in kontrakt mei Aardema Thuiszorg, Xperanza en Friesland Begeleid Wonen.
4. SDF sil in analyse meitsje fan de jierrekken, de omset en it finansjele oandiel yn Fryslân fan de ûnder antwurd 1 neamde soarchoanbieders. De sinjalen en ferslagen fan eardere petearen mei dizze soarchoanbieders wurde yn dizze analyse meinommen. Dizze soarchoanbieders wurde troch SDF útneoege foar in petear dêr't se harren hege winstsifers taljochtsje kinne. Ofhinklik fan de útkomsten fan it ûndersyk en it petear sil besjoen wurde of en sa ja hokker stappen nommen wurde kinne. Op dit stuit is it noch net mooglik om te beoardieljen oft der sprake is fan ûnrjochtmiittichheden. Yn it ramt fan regulier kontraktmanagement sil Wmo lokaal (gemeente 8KTD) in petear fiere mei Aardema Thuiszorg wêrby't ek dit ûnderwerp op de wurklist stean sil. Ofhinklik fan de útkomsten fan dit petear sil mooglik in weromkeppeling oan de rie plakfine.
5. In rie fan tafersjoch is in yntern tasjochhâldend orgaan. Dat betsjut dat rieden fan tafersjoch oansteld binne om tasjoch te hâlden op de realisaasje fan de doelen fan in rjochtspersoan. Dit bart troch tasjoch te hâlden op it troch de bestjoerder fierde belied en op de algemiene gong fan saken yn de soarchorganisaasje. De rie fan tafersjoch is ûnder mear de wurkjouwer fan de bestjoerder en yn dy rol beoerdielet de rie fan tafersjoch it funksjonearjen fan de bestjoerder en stelt de beleaning fan de bestjoerder fêst.
6. It kolleezje giet it petear oan mei de lokaal kontraktearre soarchoanbieder Aardema Thuiszorg werby't, sjoen de flinke stiging fan kosten yn de soarch, nêst it rjochtmiittich hanneljen ek it moreel hanneljen op de wurklist stean sil. It kolleezje hat gjin posysje om formeel it petear oan te gean mei rieden fan tafersjoch dy't oansteld binne by

soarchoanbieders. Rieden fan tafersjoch binne gjin troch of út namme fan de oerheid oanstelde maatskiplike tasjochhâldende organen.

It kolleezje fan boargemaster en wethâlders fan Achtkarspelen,

siktaris, boargemaster,

hr. mr. M.P. de Jong hr. mr. O.F. Brouwer